

MEMO algemien bestjoer

Aan	Algemien bestjoer
Van	Deistich bestjoer
Onderwerp	Beantwurdig schriftlike fragen FNP oer swimwetter
Datum	12 oktober 2021

De FNP hat op 13 septimber fragen steld oer de swimwetterkwaliteit fan de swimplakken Eastermar, de Leien, Lyts Switserlân en Blauwhoek (de lêste twa lizzen oan Burgumer Mar). De fragen gongen oer it gehalte oan blau-algen op dy lokaasjes en it gehalte fan baktearjes (E-coli en intestinale enterococcen).

Beoardieling swimwetter

Neffens de Europeeske swimwetter rjochtline binne de mjitgegevens fan baktearjes fan it ôfrûne fjouwer jier bepalend foar de beoardieling fan in swimwetterlokaasje. Op grûn fan dizze fjouwerjierrige rigen, krijt in swimwetterlokaasje de beoardieling poerbêst , goed, 'kin der op troch' of min. Dy beoardieling wurdt alle jierren bepaald nei ôfrin fan it swimseizoen (nei 30 septimber). De beoardieling jildt dan foar it kommende swimseizoen.

Swimwetterlokaasje Eastermar

Nei ôfrin fan it swimseizoen 2020 is de lokaasje Eastermar, op basis fan de mjitgegevens fan Wetterskip Fryslân, oer de perioade 2017 – 2020, as 'min' beoardiele. Dit fanwege de hege gehalten fan E-coli yn it swimwetter. Nei de krekte oarsaak fan de útsjitters fan E-coli yn it swimwetter fan Eastermar wurdt troch middel fan DNA-analyses noch ûndersyk dien. De resultaten fan dat ûndersyk wurde yn jannewaris 2022 ferwachte .

Swimwetterlokaasjes Burgumer Mar, Blauwhoek en de Leien

Oan it Burgumer Mar lizze noch twa offisjele swimwetterlokaasjes, nammentlik Dei-rekreaasjeterrein Burgumer Mar (Lyts Switserlân) en swimplak Blauwhoek. Beide lokaasjes hawwe in beoardieling 'poerbêst'. Oan de Leien leit swimwetterlokaasje de Leien. Fanwegen it útfieren fan yngripende ferbetteringen op dizze lokaasje, útfierd yn de hjerst fan 2019, is fan 2020 ôf in nije mjitrige úteinsetten foar de beoardieling fan dizze lokaasje. Ein 2021 krijt dit swimwetter in nije beoardieling.

Swimwetteradvys

Njonken baktearjes wurdt troch it Wetterskip ek de mannichte blau-algen op de offisjele swimwetterlokaasje yn byld brocht (monitoard). Blau-alch spilet gjin rol by de beoardieling fan de swimwetterlokaasjes, mar bepaalt tegearre mei de baktearjes wol it swimadvys. Blau-alch wurdt monitoard, om 't by hegere konsintraasjes swimmers siik wurde kinne fan de toxines dy't oanmakke wurde troch in pear soarten blau-algen. Benammen wannear 't blau-algen (te) grutte koloanjes foarmje, wurde dy toxines oanmakke. De groei fan blau-algen wurdt benammen bepaald troch it nutriëntengehalte yn it oerflaktewetter (hoe mear nutriënten hoe flugger de groei fan de algen) en de wettertemperatuer (hegere temperatueren befoarderje de groei fan blau-algen).

Swimwetterlokaasje Eastermar

Fanwege de minne beoardieling wurdt foar swimlokaasje Eastermar it hiele swimseizoen in negatyf swimwetteradvys jûn (sjoch www.zwemwater.nl). Dat betsjut net dat der om de wetterkwaliteit net feilich swommen wurde kin op dizze lokaasje. De aktuele mjittingen (ek te sjen op www.zwemwater.nl) jouwe oan wat de aktuele swimwetterkwaliteit is. Yn it swimseizoen 2021 binne der op Eastermar gjin noarm-oerskriedings foar baktearjes fêststeld. Yn 2021 is op swimwetterlokaasje Eastermar mar twa kear in warskôging jûn foar blau-alch (yn 2020 sels nul kear, tsjin seis kear yn 'e drûge simmer fan 2018). De ôfrûne tsien jier is op lokaasje Eastermar net ien kear in negatyf swimwetteradvys fanwege blau-alch ôfjûn.

Swimwetterlokaasjes Burgumer Mar , Blauwhoek en de Leien

Foar de lokaasjes Dei-rekreaasje-terrein Burgumer Mar en Blauwhoek is it tal warskôgingen foar blau-alch noch leger, respektivelik trije en twa kear in warskôging yn de ôfrûne tsien jier en net ien kear in negatyf advys fanwegen blau-alch. Ek foar de Leien jilde lege oantallen: blau-alch: 1 warskôging yn 2021 en 0 yn 2020, mei ien kear in negatyf swimwetteradvys fanwegen blau-alch yn 'e drûge simmer fan 2018.

Foar alle fjouwer lokaasjes jildt dat yn it resinte ferline maatregels nommen binne om de kwaliteit fan it swimwetter te ferbetterjen of yn stân te hâlden. Foar alle fjouwer plakken jildt dat der foarsjenningen troffen binne om it trochspieren te befoarderjen. Foaral it ferfarskjen fan it wetter fan de swimlokaasjes blykt yn 'e measte gefallen in effisjinte maatregel te wêzen.

Fragen / Antwurden

1. Is der nij wittenskiplik ûndersyk beskikber dat in plausibele ferklearring jaan kin foar de situaasje mei it swimwetter op it neamde trajekt ?

Om te advisearjen oer de krechte maatregels op de lokaasjes dy 't 'min' of 'kin der by troch' skoare kinne oanfoljende DNA analyzes útfierd wurde. Mei help fan dizze analyzes kin bepaald wurde op grûn fan hokker boarne (minsken, fûgels, hûnen, of wjerkôgers) de belêsting mei baktearjes ôfkomstich is. Troch middel fan ynset fan in alternative DNA technology kin, as it giet om in belesting ôfkomstich fan minsken, fêststeld wurde yn hoefier effluentwetter fan in RWZI of oerstoarten in rol spilet by de belêsting mei baktearjes. De resultaten fan dat ûndersyk wurde yn de maitiid fan 2022 ferwachte. Yn 2015 hat der in pilot fan sa'n DNA-analyse plak fûn op Eastermar. Ut dy analyse die bliken dat de bakteriële fersmoargings yn haadsaak fan 'minske-oarsprong' wie. Dêrnjonken waard yn 1 gefal de hûn as boarne oanwiisd.

Wetterskip Fryslân bliuwt belutsen by de lanlike ûndersiken nei swimwetterkwaliteit. We dogge mei oan in ûndersyk fan STOWA nei nije monitoaringsmetoaden foar de deteksje fan toxinefoarmjende blau-algen. Dêrnjonken wurket Wetterskip Fryslân yntinsyf gear mei Wageningen University & Researchcenter (WUR). Undersyk fan de WUR hat oantoand dat it nutriëntengehalte in wichtige groeifaktor is foar blau-algen. It is dêrom fan belang dat emisjes fan nutriënten nei it oerflaktewetter sa folle mooglik foarkommen wurdt. Net allinne is dat fan belang foar it heljen fan de KRW-doelen, mar sil ek de swimwetterkwaliteit te goede komme. Mei help fan de útfiering fan DAW-projekten, yn oparbeidzjen mei de agraryske sektor, kinne sokke emisjes ferlege wurde.

2. Wolle jo ús ris in ûnderboude analyze jaan wat de meast wierskynlike oarsaak is foar de faak minne swimwetterkwaliteit by de Lits , Burgumermar by Eastermar ensfh .. ? Op basis fan feiten, mjittingen, wittenskiplik ûndersyk en/of eigen ekspertize.

Lykas hjirboppe oanjûn skoare twa fan de fjouwer swimwetterlokaasjes yn dizze omkriten poerbêst. Foar de oare twa (de Leien en Eastermar) binne maatregels ta ferbettering útfierd wêrby foaral it ferfarskjen fan it swimwetter stimulearre wurdt. Op basis fan de mjittings fan it ôfrûne jier liket de swimwetterkwaliteit dêrtroch better te wurden. Foar de Leien is benammen it gehalte oan intestinale enterococcon heech. Dat kin ferklearre wurde troch de oanwêzigens fan wetterfûgels (benammen guozzen). Ut DNA-ûndersyk sil blike moatte oft dat de boarne foarmet fan de measte baktearjes (sjoch antwurd 1) Ut it ûndersyk moat ek blike hokker maatregels it bêste nommen wurde kinne.

3. Wat kinne wy yn dit gebiet foar de swimwetterkwaliteit ferwachtsje fan de maatregels foar de loazingen troch skipkes en de profesjonele rûnfeartsektor en de oanpak fan de KRW-wâlskanten?

Sa 't yn it andert op fraach 1 oanjûn is, sille wy dêrfoar de resultaten fan de DNA-analyses ôfwachtsje moatte. Dêrút wurdt dúdlik yn hoefier 'humane belesting' in rol spilet en yn hoefier loazingen troch de skipkes en skippen de swimwetterkwaliteit hjir negatyf beynfloedet.

4. Rinne der op it stuit noch oare aksjes ta ferbettering fan it swimwetter, al of net mei de gemeente Tytsjerksteradiel, en wat kinne wy dêr dan fan ferwachtsje?

Yn 2018/2019 binne troch de gemeente Tytsjerksteradiel peallen slein op de grins fan de swimwetterlokaasje. Dêrtroch is de trochstreaming (it ferfarskjen) fan it swimwetter ferbettere.

5. Is it permaninte monitoaren fan de wetterkwaliteit op dit trajekt foldwaande, steane de mjitpunten op it goede plak of moatte jo dêr ekstra ynspanningen foar dwaan om de effekten fan de maatregels mjitte te kinnen ?

De wetterkwaliteit op basis fan bakteriële fersmoargingen en blauw-algen fan swemlokaasjes, wurdt yn it algemien troch pleatslike omstannichheden beynfloede. Njonken oanfier fan genôch skjin wetter bepale lokale effekten (oanwêzigens fan guozzen, de rekreaasjeferre en / of jachthavens as de ynfloed fan wyn) meastentiids de wetterkwaliteit fan in swimlokaasje. Op elke swimlokaasje is in represintative mjitlokaasje selektearre dêr 't elke fjirtjin dagen in wettermeunster nommen wurdt (11 meunsters per swimseizoen) Op basis fan fjouwer jier (44 meunsters) wurdt per swimlokaasje in kwaliteitsoardiel bepaald. Dizze wize fan monitoaren is yn de praktyk as robúst en betrouber te beskôgjen. Wol is Wetterskip Fryslân oan it sjen of de ynset fan 'remote sensing (bygelyks troch de ynset fan drones) in goede metoade is om de foarming fan blau-alch koloanjes earder gewear te wurden sadat yn in earder stadium in warskôging of in negatyf swim-advys ôfjûn wurde kin.



SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 35 Reglemint fan Oarder 2019	
Rjochte oan DB lid	Van der Galiën Underwerp: Blau-alch en swimwetterkwaliteit
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p>It blau-alch seizoen rint wat op syn ein. It swimplak by Eastermar hat fan't simmer lange tiid op read stien op de swimwetterkwaliteitskaart www.zwemwater.nl en der stiet no noch hieltyd in oranje warskôging iepen.</p> <p>De wetterkwaliteit en spesifyk de swimwetterkwaliteit yn de gemeente Tytsjerksteradiel op it trajekt Drachten-Nije Kanaal-Peinder Feart-De Leijen-Lits-Burgumer Mar-Kûkherne is gauris ûnder de mjitte. Faak is der sprake fan blau-alch yn it swimwetter. Dit hat al sûnt jierren ûnderwerp fan fragen yn it AB west (1).</p> <p>Yn 2018 hat de Wageningen Universiteit ûndersyk dien nei it effekt fan meststoffen, temperatuer en reinwetter op de bloei fan de blau-alch. It Wetterskip koe him doe net fine yn de konklúzje dat benammen nutriënten út diffuse boarnen fan de lânbou oarsaak wêze soene (2).</p> <p>Underwilens wurde der ferskate maatregels nommen foar ferbettering fan de wetterkwaliteit yn it gebiet. Sa binne loazingen fan smoarch wetter troch de rekreaasjeferbeart ferbean en binne der rûnom opfangpunten foar smoarchwettertanks realisearre. Okkerdeis binne der ek sokke maatregels naam foar de profesjonele Fryske rûnfeartsektor (3).</p> <p>It wettersysteem sels wurdt no oanpakt troch fierdere natuerûntwikkeling om de Leijen en Burgumermar hinne yn gearwurking mei Staatsbosbeheer. En yn de Lits en de Kûkhernefeart wurde bredere natuerfreonlike wâlskanten mei in suverjende reidseame oanlein (4).</p> <p>Ut de regio berikke de FNP ûnderwilens sinjalen dat men noch hieltyd fraachtekens hat by de oarsaken en oanpak fan it blau-alch / swimwetterprobleem. Sa wurdt foar it swimplak Eastermar gauris wiisd op de ûndjijpte fan it wetter yn kombinaasje mei flugge opwaarming yn de simmer en de lizzing mei oerhearskjende westenwyn yn de súdeasthoeke fan de mar. Der soe te min trochstreaming wêze.</p> <p>Ek wurdt der praat fan in ferskaat oan punt-boarnen dêr't de fersmoarging út komme soe. Fan de RWZI yn Drachten oant de gersdrûgerij en lokale rioeleroerstoarten. Ek mear diffuse boarnen wurde oanwiisd: nutriënten fan it boerelân, loazingen fan boatsjes, de rekreanten yn it swimwetter sels, kloften wetterfûgels, hûnestront. Minsken sykje it faak yn in inkefâldige oarsaak yn stee fan in kombinaasje fan faktoaren lykas yn it Wageningen-ûndersyk.</p> <p>Dizze redenearringen hawwe wat ús oangiet tefolle in spekulatyf of anekdoatysk karakter. Wy hawwe ferlet fan mear ûnderboude analyse om de nommen en te nimmen maatregels better beoardielje te kinnen.</p>

	<p>(1) FNP yn AB rûnfraach 29-09-2015</p> <p>(2) LC 03-09-2018 Blauwalg-explosie door mest en regen</p> <p>(3) FD 06-07-2021 Die ene drol maakt wel uit voor het water</p> <p>(4) FD 18-08-2021 Vaarten aangepakt tegen te veel water</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Is der nij wittenskiplik ûndersyk beskikber dat in plausibele ferklearring jaan kin foar de situaasje mei it swimwetter op it neamde trajekt? 2. Wolle jo ús ris in ûnderboude analyse jaan wat de meast wierskynlike oarsaak is foar de faak minne swimwetterkwaliteit by de Lits, Burgumermar by Eastermar ensfh..? Op basis fan feiten, mjittingen, wittenskiplik ûndersyk en/of eigen ekspertize. 3. Wat kinne wy in dit gebiet foar de swimwetterkwaliteit ferwachtsje fan de maatregels foar de loazingen troch skipkes en de profesjonele rûnfearstektor en de oanpak fan de KRW-wâlskanten? 4. Rinne der op it stuit noch oare aksjes ta ferbettering fan it swimwetter, al dan net mei de gemeente Tytsjerksteradiel, en wat kinne wy dêr dan fan ferwachtsje? 5. Is de permaninte monitoaring fan de wetterkwaliteit op dit trajekt foldwaande, steane de mjitpunten op it goede plak of moatte jo dêr ekstra ynspanningen foar dwaan om de effekten fan de maatregels mjitte te kinnen?
Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)
	FNP, Yde Dijkstra
Datum	13 septimber 2021